

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Sietske Poepjes
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p><b>Frysk yn de Grûnwet/Statút</b> De FNP is bliid dat it Kolleezje fan Deputearre Steaten yn de beântwurdiging fan de skriftlike fragen fan de FNP<sup>1</sup> dúdlik makke hat dat it Fryske regear noch hieltyd fan betinken is dat it Frysk in plak yn de Grûnwet fertsjinnet.</p> <p>Inkelde antwurden roppe noch wol wat oanfoljende fragen op. Nettsjinsteande dat de FNP it in bytsje bysûnder fynt dat guon partijen dy't earder sels de prosedure stopsetten hawwe, no yn ferkiezingstiid wer roppe dat hja it Frysk opnimme wolle yn de Grûnwet, is de FNP al fan betinken dat wy it izer smeie moatte as it hjit is. Datselde jildt foar it oplûken mei de oare lannen yn ús Keninkryk, mei Kurasao, Aruba en St. Marten.</p>
Fraach / fragen	<p>It kolleezje hat by fraach 5: <i>'Wol it Kolleezje him derfoar ynsette dat [it Frysk yn de heechste wetlike regeling fan ús lân ferankere wurdt] by de foarming fan in nij kabinet op 'e nij yn it regearakkoart komt?'</i></p> <p>antwurde dat der <i>'By it tastânkomen fan it regearakkoart [...] in oantal wichtige saken [binne] dy't wy fanút Fryslân ynbringe sille. It Frysk opnommen yn de grûnwet, as dat by it Nederlânsk ek bart, sil dêr ûnderdiel fan wêze.'</i></p> <ol style="list-style-type: none"> <li>1. De FNP fynt dat krekt wat te meager. Wy lêze it antwurd sa as dat it Kolleezje pas yn aksje komt wannear't it opnimmen fan de dominante taal yn de Grûnwet oan de oarder is. Kin it Kolleezje tasizze dat ús eigen Fryske regear yn oanrin nei de ferkiezingsen en de kabinetsoarming op 'e nij yn aksje komt en pro-aktyf lobby fiere sil?</li> <li>2. Kin it Kolleezje fierder dúdlik meitsje oan watfoar aksjes it tinkt om it Frysk yn de Grûnwet te krijen?</li> </ol> <p>It kolleezje hat by fraach 6: <i>'Wol it Kolleezje de mooglikheden ûndersykje om it Frysk op te nimmen yn it Statút [...] [en] is it Kolleezje ree om [...] dêrfoar kontakt op te nimmen mei de regearingen [...] fan Kurasao, Aruba en St. Marten [...] ?'</i></p>

<sup>1</sup> Antwurdbrief Kolleezje fan Deputearre Steaten, 'Beântwurdiging skriftlike fragen oer Frysk yn de Grûnwet/Statút', 1 desimber 2020; 'Skriftlike fragen fan de FNP oer it Frysk yn de Grûnwet/Statút', 3 novimber 2020;

	<p>it antwurd jûn dat:</p> <p><i>‘Wy [...]ús as kolleezje ynsette wolle om it Frysk yn de grûnwet op te nimmen, dêr leit neffens ús de kâns. It Statút regelet mear de ûnderlinge relaasjes tusken parten fan it Keninkryk as in soart ‘reglemint fan de feriening’. Wy wolle mei de regearingen fan oare parten fan ús Keninkryk wol besjen hoe’t sy der foar oer stean, mar foar ús is de Grûnwet it mear natuerlik plak.’</i></p> <p>3. De FNP fynt it moai dat it Kolleezje kontakt opnimme wol mei de oare lannen fan ús Keninkryk. Is dat yntusken al dien? As dat sa is, wannear wie dat? Wat is der út it oerlis kaam? As dat net sa is, wannear sil it wêze?</p> <p>4. Is it Kolleezje it mei de FNP iens dat in aktive lobby yn oparbeidzjen mei de oare lannen fan ús Keninkryk sterker wêze sil? Omsa mear omdat troch it opnimmen fan sawol it Frysk as ek it Ingelsk en Papiamintsk yn de Grûnwet de beswieren fan de kant fan de Ried fan Steat<sup>2</sup> op it eardere foarstel út 2010 oplost wurde.</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP                      Sijbe Knol
---------------	--

Datum	2 desimber 2020
-------	-----------------

<sup>2</sup> Kamerstukken II, Vergaderjaar 2010/11, 32 522, nr. 4, p. 7, Advies Raad van State en Nader Rapport.